

Taspraak fan Hylke Speerstra op ôfskiedsfeest

Harm van der Meer 16 jannewaris 2016.



Achte freonen,

Der wurdt hjir fan my fansels in nostalgysk ferhaal ferwachte oer âlde tiden. Mar neat der fan!

Ik nim jim mei nei it jier 2025, en wol nei it hypermoderne, multi-funksjonele soarchsintrum, foarhinne Suderigge op de Lemmer.

Ho, laitsje mar, mar nee, ik haw it oer it dan nije en ferneamde Rosa Spierhûs foar âlde Fryske keunstners.

Foar my as Frysk skriuwer hat it in hiele toer west om yn it Rosa Spierhûs te kommen. It wie ommers foar de yntellektuele artistike elite. En der is ballotaazje.

Likegoed wie belangstelling om der yn te kommen enoarm. Sa woene mear as 100 âldleden fan it Lemster Mânljuskoar dat se rjocht hiene op in plakje. Ho ho. Mis. Der moat ferskil bliuwe.

Achte freonen, yn 2025 wennet dêr yn dat tige artistike miljeu, mei in nochal frije moraal, dat moat ik der bysizze, mar ien âld-

LMK'er. Ik haw it oer in markante, heech lauwere multi-
funksjoneel âld-koardirigint

Hy hâldt dêr ta mei de frou én mei noch stikas wat keunstsinnige
widdofroulju yn ien en deselde suite, lyk tsjinoer de nei him
neamde grutte konsertseal."The Harm Award Stage."

Yn it koartst fan de dagen jout in foltallich Lemster Mânljuskoar
yn it Rosa Spier in konsert. Dêrby is de ferneamde âld-
koardirigint altyd earegast.

As it LMK dan útsongen is, applaudisearret it artistike gehoar
mei wiete eagen. Der falle dan ek wierlik triennen,
Freugdetriennen. "Wat ynmoai ,wat machtich!"

Mar dan stapt de âlde koarpommerant as in Maestro, ûnoandien,
nei it poadiumtrepke, skuort yn de rin wei de stokâlde skroeier
Hylke mei yn syn kylsok, stroffelt nei de mikrofoan, en ropt:

"Goed allgearre, mar yn ús tiid songen we better! Yn myn tiid
kaam it liet ús djipper út ús siel wei, sadat it ek oaremans siel
berikke soe."

De Maestro gie fierder en sei: Achte bruorren en susters yn de
keunst, hjir is âlde Hylke ek noch even."

"Ik wol jim", begjint âlde Hylke, "ik wol jim in ferhaal fertelle,
dat ik eins al op sneon 16 jannewaris 2016 fertelle wollen hie. Ik
kaam ris yn in grôtfolle tsjerke. Sis mar gerêst: in kathedraal.
Ik seach allinne mar folk. En stiennen bylden fan Ingels. Achter
it altaar yn it yndrukwekkende koar fan it gebou, oan de pilaren,
yn de hege brânskildere finsters en yn it flakkerjende ljocht fan
de kearsen: allegear ingels!"

"Mar sa fol as de kathedraal ek wie, bêste freonjen, der hinge in
serene stilte. Ik seach hoe't it front fan de kathedraal, dat
machtige dekôr, yn in ljochte gloede kaam te stean. En doe,
ynienen, rûse der in sang, earst hiel pianissimo, lykas in
simmerwyn waait troch de reidkraach; en doe crescendo. En út
de ierde wei kamen omheech en yn de spotlights wol 100

trochlibbe mânljuskoppen. Ik wist it fuortdaalk, dit wiene gjin Ingels, krekt oarsom, dit wiene Lemsters."

Ho, jim hâlde it gnizen mar eefkes yn, want de wûnderlike iepenbiering moast syn beslach noch kribje: Ut de kûlissen wei kaam dochs in ingel foar 't ljocht. Sa te sjen de Ingel Gabriël.

Mei in artistike kop dy't wat útstrieling oanbelanget wrâldferneamde diriginten as Bernstein, Kleiber, Mengelberg, Von Karajan, Hindrik van der Meer en Paganini yn it skaad sette. Ik seach no dat hy ek alhiel gjin Ingel wie. Hy hie ommers gjin fleugels. No ja, wol in swellesturt.

Yn de kathedraal ûntstie soksawat as muzikale magy. De man dy't gjin ingel blykte te wêzen; hy wonk suver hast achteleas dy 100 âlde Lemster koppen, koppen dy't je oars noait ien en deselde kant op krije kinne.

En it wûnder barde dat er al dirigearjend fan 100 stimmen ien stim makke. It waard in lûd fol fan klank en kleur. Ien stim dy't út 100 kielen en likefolle sielen kaam; in lûd dat yn de rin fan de jierren tsientûzenen tahearders yn Fryslân en fier der bûten berikke soe. Oanreitsje soe, mennichien ûntroere soe.

Bêste minsken, goede freon Harm van der Meer. Eins haw ik altyd itselde wollen as dy: allinne mar in ferhaal fertelle dat it folk oanrekke en massaal meisjonge kin. In ferhaal yn de taal dy't alle folken yn alle lannen fersteane. It is dêrom dat ik sa graach mei dy en it Lemster Mânluskoar ferhalen fertelle woe. It is der fan kommen. Ik tankje dy en dyn warbere bestjoer, dat sa by my de dream útkommen is.

Ta beslút: Der wie ris in dichter, dy 't yn alle ienfâld in skitterjende slotrigel skreau: "Wie ik ben zo wil ik heten." Do Harm bist ek gewoan dyn namme bleaun. Mar fan my- en grif net allinne fan my - meie der tenei noch trije letters achter dyn foarnamme set wurde. Har-mo-ny!

**Dat de neigalm fan wat der ûnder dyn lieding besongen is, straks
ek ûnder nije lieding noch lang fier yn it rûn te hearren wêze
mei.**

Oant sjen yn it Rosa Spier Hûs.

